

PARSEBERJOCHT

11 maart 2020

Hûndert Fryske tsjerken slute har doarren

Yn de kommende tsien jier sille yn Fryslân sa'n hûndert tsjerken slute moatte. Allinnich al yn de gemeente Súdwest-Fryslân gean foar 2030 teminsten 27 tsjerken ticht, stiet yn in enkête ûnder 129 tsjerkebestjoeren yn dy gemeente. Neffens de Rijksdienst voor Cultureel Erfgoed is dat 'echt heel veel'. Dit blykt út de twadielige dokumintêre 'Tsjerken te keap' fan Fryslân DOK, oer it ôfskie én de takomst fan monumintale tsjerkegebouwen. Saakkundigen ferwachtsje 'een hausse aan kerksluitingen'. Sy hâlde der rekken mei dat it der noch mear wêze sille as dat de sifers no oanjouwe.

Fryslân hat goed 750 tsjerken. Troch de leechrin, in gefolch fan sekularisaasje, hat yntusken in tredde part al in oare funksje krigen. Fan de oare 500 tsjerken sil yn koarte tiid sa'n 20% de doarren slute moatte. It wurdt dreech om dêrfoar in passende nije bestimming te finen. De Stichting Alde Fryske Tsjerken, dy't 50 jier bestiet en no 52 tsjerken yn syn besit hat, kin al dy tsjerken net oernimme. Yn it slimste gefal wacht guon gebouwen de sloop. Dat hat net allinnich gefolgen foar de mienskip yn in doarp of stêd, mar ek foar it lânskip. De tsjerken tekenje de skyline fan Fryslân, se binne beakens yn it lân en hearre sa by de identiteit fan ús provinsje.

Tsjerken te keap, diel 1: 'It ôfskie.' Yn 'e tsjerke fan it doarpke Wânswert binne 800 jier lang Wânswerter famyljes doopt, troud en te hōf brocht. Nei in lang en emosjoneel proses nimt de tsjerkemienskip it beslút om de tsjerke oer te dwaan oan de Stichting Alde Fryske Tsjerken.

Tsjerken te keap, diel 2: 'De takomst.' Hokker funksje kinne leechsteande tsjerkegebouwen krije, sadat se ek foar de takomst beholden bliuwe? Fryslân DOK giet op 'en paad mei meiwurkers fan de Stichting Alde Fryske Tsjerken en it Steunpunt Monumentenzorg Fryslân. Yn in Ljouwerter tsjerke sitte no in skoalle en berne-opfang. De tsjerke fan Dedzjum herberget in B&B. Mar net foar ál dy hûndert tsjerken dy't no op 'e merk komme, sil sa'n nije bestimming fûn wurde. De fraach is: moatte jo alles wol behâlde wolle?

Fryslân DOK: it twalûk 'Tsjerken te keap'

Diel 1, 'It ôfskie'

14 maart, 15.30 oere, NPO 2 (mei Nederlânske ûndertiteling, werhelling snein 15 maart 13.10 oere)

15 maart, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

Diel 2, 'De takomst'

21 maart, 15.30 oere, NPO 2 (mei Nederlânske ûndertiteling, werhelling snein 22 maart 13.10 oere)

22 maart, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

Noat foar de redaksje:

Boarnefermelding ôfbyldingen: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876 of mk@omropfryslan.nl.

PERSBERICHT

11 maart 2020

Honderd Friese kerken sluiten hun deuren

In de komende tien jaar zullen in Fryslân zo'n honderd kerken moeten sluiten. Alleen al in de gemeente Súdwest-Fryslân gaan voor 2030 minimaal 27 kerken dicht, staat in een enquête onder 129 kerkbesturen in deze gemeente. Volgens de Rijksdienst voor Cultureel Erfgoed is dat 'echt heel veel'. Dit blijkt uit de tweedelige documentaire 'Kerken te koop' van Fryslân DOK, over het afscheid én de toekomst van monumentale kerkgebouwen. Deskundigen verwachten 'een hausse aan kerksluitingen'. Ze houden er rekening mee dat het er nog meer zullen zijn dan de cijfers nu aangeven.

Fryslân heeft ruim 750 kerken. Door de leegloop, een gevolg van secularisatie, heeft inmiddels een derde deel al een andere functie gekregen. Van de andere 500 kerken zal in korte tijd zo'n 20% de deuren moeten sluiten. Het wordt moeilijk om daarvoor een geschikte nieuwe bestemming te vinden. De Stichting Alde Fryske Tsjerken, die 50 jaar bestaat en nu 52 kerken in haar bezit heeft, kan al die kerken niet overnemen. In het ergste geval wacht sommige gebouwen de sloop. Dat heeft niet alleen gevolgen voor de gemeenschap van een dorp of stad, maar ook voor het landschap. De kerken tekenen de skyline van Fryslân, ze zijn bakens in het land en horen zo bij de identiteit van de provincie.

Kerken te koop, deel 1: 'Het afscheid.' In de kerk van het kleine dorpje Wânswert zijn 800 jaar lang Wânswerter families gedoopt, getrouwd en begraven. Na een lang en emotioneel proces neemt de kerkgemeenschap het besluit om de kerk over te dragen aan de Stichting Alde Fryske Tsjerken.

Kerken te koop, deel 2: 'De toekomst.' Welke functie kunnen leegstaande kerkgebouwen krijgen, opdat ze ook behouden blijven voor de toekomst? Fryslân DOK gaat op pad met medewerkers van de Stichting Alde Fryske Tsjerken en het Steunpunt Monumentenzorg Fryslân. In een Leeuwarder kerk zit nu een school en een kinderopvang. De kerk van Dedgum herbergt een B&B. Maar niet voor ál die honderd kerken die nu op de markt komen, zal zo'n bestemming gevonden worden. De vraag is: moet je alles wel willen behouden?

Fryslân DOK: het tweeluik 'Tsjerken te keap'

Deel 1, 'Het afscheid'

14 maart, 15.30 uur, NPO 2 (met Nederlandse ondertiteling, herhaling zondag 15 maart 13.10 uur)

15 maart, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

Deel 2, 'De toekomst'

21 maart, 15.30 uur, NPO 2 (met Nederlandse ondertiteling, herhaling zondag 22 maart 13.10 uur)

22 maart, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

Noot voor de redactie:

Bronvermelding afbeeldingen: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876 of mk@omropfryslan.nl.